

# Voorwoord



Het oude en het nieuwe gingen in 2023 hand in hand. Want hoewel we als Wetterskip Fryslân in een 750-jarige traditie staan, willen we ons als waterautoriteit verhouden tot actuele uitdagingen die ons water raken en aanhaken bij ontwikkelingen waarmee we ons werk effectiever kunnen doen.

2023 was een overgangsjaar. We namen afscheid van het oude algemeen en dagelijks bestuur. Na de verkiezingen in maart trad een nieuw AB aan, met volop nieuwe gezichten. Er werd een brede coalitie gesmeed, die gedreven aan de slag ging onder het motto Samen werken aan water, voor nu en later. Wij willen werken met realistische en sluitende begrotingen. We streven naar een goede balans tussen de geraamde uitgaven en de belastinginkomsten die daar tegenover staan, zonder ingecalculerde meevallers en onbestemde potjes.

### **Gunstiger resultaat**

Het afgelopen jaar baseerden we ons nog op de laatste begroting van het oude bestuur. Die is in de loop van 2023 twee keer bijgesteld. Nu kunnen we de balans opmaken: het overgrote deel van de beleidsmaatregelen is uitgevoerd en we komen gunstiger uit dan voorzien. Het verwachte tekort van 10 miljoen euro is teruggebracht naar 6,6 miljoen euro. Na verrekening van vrijvallende bestemmingsreserves blijft er onder de streep een negatief resultaat over van 2,7 miljoen euro. Dat kan worden gedekt uit de algemene reserves.

### **Hogere inkomsten en uitgaven**

Dat het uiteindelijke tekort meevalt, heeft te maken met verschillende factoren. Onze belastinginkomsten vielen hoger uit doordat de WOZ-waarden, waaraan veel tarieven zijn gekoppeld, verder opliepen dan voorzien. Er bleef ook geld over doordat het langer duurde om geplande werkzaamheden, zoals baggerklussen, van de grond te krijgen. Krapte op de arbeidsmarkt maakte het lastig om alle vacatures tijdig in te vullen. Hiertegenover staan hogere uitgaven als gevolg van ontwikkelingen op het wereldtoneel, waar de oorlog in Oekraïne ons voor hogere prijzen voor energie en grondstoffen stelde.

### **Klimaatadaptatie en -mitigatie**

Het inspelen op weereffecten is van oudsher de grondslag van ons werk. We zetten in 2023 belangrijke stappen in onze omgang met het veranderende klimaat. Als het gaat om adaptatie stelden we met de provincie onze Blauwe Omgevingsvisie (Fryslân Klimaatbestendig 2050+) vast. Die vormt het kader voor een nieuw boezemplan dat ons moet helpen ook in de toekomst klaar te zijn voor droogte en wateroverlast, fenomenen waarmee we ook in 2023 nadrukkelijk zijn geconfronteerd.

Om ook werk te maken van mitigatie is begin 2023 het programma Klimaatneutraal en circulair in 2030 vastgesteld. Ons streven om energieneutraal (in 2025), klimaatneutraal (in 2030) en volledig circulair (in 2050) te zijn werkt door in alle opgaven.

### **Topjaar voor Woudagemaal**

Veel van onze klimaatinspanningen worden tastbaar in het Ir. D.F. Woudagemaal in Lemmer. 2023 was natter dan ooit en dus noteerde ons stoomgemaal uit 1920 maar liefst 26 draaidagen, veel meer dan in voorgaande jaren. Die waren nodig om te helpen de boezemwaterstand onder controle te houden. Het Woudagemaal was daarmee ook weer het ideale decor voor het vertolken van ons verhaal over het Friese waterbeheer. Het trok 46.320 bezoekers, een record. De voorstelling Floed markeerde het (vanwege corona uitgestelde) eeuwfeest van het gemaal.

### **Hoger energieverbruik**

Onze inspanningen om wateroverlast te voorkomen worden weerspiegeld in ons energieverbruik. Om onze CO<sub>2</sub>-voetafdruk te verkleinen draaide het Woudagemaal het hele jaar op HVO 100-diesel. Aan de keuze voor deze brandstof - fossielvrij en met 90 procent minder uitstoot van CO<sub>2</sub> - hangt een prijskaartje. Tegelijk liep ook de stroomrekening voor de ruime inzet van het Hooglandgemaal en andere gemalen hoog op.

### **Digitale innovaties**

Tegenover de historische grandeur van het Woudagemaal stonden in 2023 volop digitale innovaties. We passen sensortechnieken toe bij het monitoren van de waterkwaliteit en gebruiken satelliet- en dronebeelden en AI-technieken (kunstmatige intelligentie) voor het schouwen van sloten, het inspecteren van keringen en het opsporen van illegale dempingen. Zo blijven we onszelf vernieuwen.

Luzette Kroon, dijkgraaf  
Oeds Bijlsma, secretaris-directeur

### **Foarwurd**

It âlde en it nije giene yn 2023 hân yn hân. Want hoewol 't wy as Wetterskip Fryslân yn in 750-jierrige tradysje stean, wolle wy ús as wetterautoriteit ferhâlde ta aktuele útdagingen dy't ús wetter reitsje en oanheakje by ûntwikkelingen dêr't wy ús wurk effektiver mei dwaan kinne.

2023 wie in oergongsjier. Wy namen ôfskie fan it âlde algemien en deistich bestjoer. Nei de ferkiezings yn maart trede in nij AB oan, mei folop nije gesichten. Der waard in brede koälysje smeid, dy 't entûsjast oan de slach gie ûnder it motto Mei-inoar wurkje oan wetter, foar no en letter. Wy wolle wurkje mei realistyske en slutende begruttingen. We stribje nei in goede balâns tusken de rûze útjeften en de belestingynkomsten dy 't dêr tsjinoer steane, sûnder ynkalkulearre meifallers en net-bedoelde potsjes.

### **Geunstiger resultaat**

It ôfrûne jier basearren we ús noch op de lêste begrutting fan it âlde bestjoer. Dy is yn de rin fan 2023 twa kear bysteld. No kinne wy de balâns opmeitsje: it grutste part fan de beliedsmaatregels is útfierd en wy komme better út as foarsjoen. It ferwachte tekoart fan 10 miljoen euro is werombrocht nei 6,6 miljoen euro. Nei ferrekkening fan frijfallende bestimmingsreserves bliuwt der ûnder de streek in negatyf resultaat oer fan 2,7 miljoen euro. Dat kin dutsen wurde út de algemiene reserves.

### **Hegere ynkomsten en útjeften**

Dat it úteinlike tekoart tafalt, hat te krijen mei ferskate faktoaren. Us belestingynkomsten foelen heger út trochdat de WOZ-wearden, dêr 't in soad tariven oan keppele binne, fierder oprûnen as foarsjoen. Der bleau ek jild oer trochdat it langer duorre om guon wurksumheden, lykas baggerklussen, fan de grûn te krijen. Krapte op de arbeidsmerk makke it dreech om alle fakatueres op 'e tiid yn te foljen. Dêrtsjinoer stean hegere útjeften as gefolch fan ûntwikkelings op it wrâldtoaniel, dêr 't de oarloch yn Oekraïne ús foar hegere prizen foar enerzjy en grûnstoffen stelde.

### **Klimaatadaptaasje en -mitigaasje**

It ynspyljen op waarseffekten is fanâlds de grûnslach fan ús wurk. Wy setten yn 2023 wichtige stappen yn ús omgong mei it feroarjende klimaat. Op it mêd fan adaptaasje stelden wy mei de provinsje ús Blauwe Omjouwingsfisy (Fryslân Klimaatbestendig 2050+) fêst. Dy foarmet it ramt foar in nij boezemplan dat ús helpe moat ek yn de takomst klear te wêzen foar drûchte en wetteroerlêst, fenomenen dêr 't wy ek yn 2023 mei konfrontearre binne.

Om ek wurk te meitsjen fan mitigaasje is begjin 2023 it programma Klimaatneutraal en circulair in 2030 fêststeld. Us stribjen om enerzjyneutraal (yn 2025), klimaatneutraal (yn 2030) en folslein sirkulêr (yn 2050) te wêzen wurket troch yn alle opjeften.

### **Topjier foar Woudagemaal**

In soad fan ús klimaatynspanningen wurde taastber yn it Ir. D.F. Woudagemaal op De Lemmer. 2023 wie wieter as ea en dus notearre ús stoomgemaal út 1920 mar leafst 26 draaidagen, folle mear as yn foargeande jierren. Dy wiene nedich om te helpen de boezemwetterstân ûnder kontrôle te hâlden. It Woudagemaal wie dêrmei ek wer it ideale dekôr foar it fertolken fan ús ferhaal oer it Fryske wetterbehear. It luts 46.320 besikers, in record. De foarstelling Floed markearre it (fanwegen corona útstelde) iuwfeest fan it gemaal.

### **Heger enerzjyferbrûk**

Us ynspannings om wetteroerlêst foar te kommen wurde wjerspegele yn ús enerzjyferbrûk. Om ús CO<sub>2</sub>-footprint te ferlytsjen draaide it Woudagemaal it hiele jier op HVO 100-disel. Oan de kar foar dizze brânstof - fossylfrij en mei 90 persint minder útstjit fan CO<sub>2</sub> - hinget in priiskaartsje. Tagelyk rûn ek de stroomrekken foar de romme ynset fan it Hooglandgemaal en oare elektryske gemalen heech op.

**Digitale ynnovaasjes**

Tsjinoer de histoaryske grandeur fan it Woudagemaal stiene yn 2023 folop digitale ynnovaasjes. Wy passe sensortechniken ta by it monitoarjen fan de wetterkwaliteit en brûke satellytbylden en dronebylden en AI-techniken (keunstmjittige yntelliginsje) foar it skouwen fan sleatten, it ynspektearjen fan kearingen en it opsporen fan ylligale dimpingen. Sa bliuwe wy ússels fernijen.

Luzette Kroon, dykgraaf  
Oeds Bijlsma, sekretaris-direkteur